

**MONDELINGE VRAGEN / VRAGENUURTJE ex artikel 40 Reglement van Orde**

Gericht aan GS	<p>Opnij is der ûnrêst oer de gebietsûntwikkeling rûn De Sintrale As. Twa wiken lyn krigen wy in brief fan Deputearre Steaten mei de lêste stân fan saken.</p> <p>Dizze brief befêstiget wat wy ek al út de omjouwing en de gebietsûntwikkelingskommisje hearden: der is grutte fertraging, finansjeel liket it in syktocht nei jild en amtlik binne der kapasiteitproblemen.</p> <p>Om't wy as Provinsjale Staten yn juny 2017 unanym besletten om de folsleine gebietsûntwikkeling rûn De Sintrale As ôf te meitsjen, freegje wy opheldering oer de folgjende saken.</p>
Vragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. Binne jo tefreden oer de gong fan saken? Hokker garânsjes kinne jo no jaan oer it folslein realisearjen fan de beloofde 'plussen' yn it gebiet?</li><li>2. De gebietsûntwikkelingskommisje hat grutte twivels of it lânskipsplan wol foldwaande útfierd wurdt. "It giet beroerd", sei foarsitter Bertus Mulder foarige wike tsjin de Ljouwerter Krante. Wat is jo reaksje hjirop?</li><li>3. Neffens jo brief rint de útfiering fan it lânskipsplan fertraging op oant nei 2019. De gebietsûntwikkelingskommisje wurdt kommend jier lykwols ûntmantele. Wa giet fan dat momint ôf de gebietsûntwikkeling koördinearje? Hoe ferrint de oerdracht en wa wurdt it oansprekpunt foar omwenjenden en oare belutsenen?</li><li>4. Mei it gearfoegjen fan bestekken wolle jo tiid ynhelje op de ûntstiene fertraging? Wannear ferwachtsje jo klear te wêzen mei de gebietsûntwikkeling?</li><li>5. It befoarderjen fan romtlike kwaliteit en ekologyske ferbiningen binne de kearn fan it lânskipsplan. Om de kwaliteit te garandearjen is altyd útgien fan in wurkwise mei bedriuwslânskipsplannen dy't opnommen wurde yn de bestekken. De praktyk toant oan dat grûnferwerving rint fia advertinsjes en ynformaasjebyienkomsten. Dat liket op in oare oanpak. Wat kinne jo hjiroer sizze? Diele jo ús miening dat de kwaliteitseasken foar romtlike kwaliteit en ekology ûnder druk steane?</li><li>6. Neist de kwaliteit fan it lânskipsherstel skriuwe jo dat de amtlike kapasiteit in soarch is. Jo jouwe oan dat der socht wurdt nei in passende oplossing. Wat hâldt dat yn? Oan wat foar oplossing tinke jo?</li><li>7. By de behandeling fan de begrutting 2019, twa wiken lyn, krigen wy gjin direkt antwurd op ús fragen oer de gebietsûntwikkeling. Letter dy dei krigen wy jo brief. Wêrom binne de finansjele tekoarten doe net utere? Is in finansjele tasizzing fan Provinsjale Steaten nedich?</li><li>8. Yn jo brief sprekke jo fan in 'ereskuld' fan de provinsje en gemeenten oan de mienskip. Fine jo dit in goeie ferwurdig? De gebietsûntwikkeling, yn al syn hear en fear, is neffens ús folle mear as in morele ferplichting. Wy ha beloften dien en ôfspraken makke, dy hearre wy nei te kommen.</li></ol>

Indiener(s)	Douwe Hoogland, PvdA
-------------	----------------------

Datum	28 november 2018
-------	------------------